

[0405]

Ta de fonology fan it Sealtersk

(Andert oan Marron C. Fort)

Alhoewol't de krekte sitewaasje earst nei analyse fan in flink tal lûdbannen fêststeld wurde kin, is it dochs yndied sa dat de útspraak fan de lûden [i] en [i:] resp. [u] en [u:] yn it Sealtersk by ûnderskate sprekkers faek wikselte. Dat wiist fansels net op in sterke skieding.

Oft in pear lûden aparte fonemen binne, wurdt lykwols trochstrings biskaet achte troch de fraech oft hja earne in bitsjuttingsûnderskied jowe. As grounslach foar myn artikel *De Sealter lûden*¹ foun ik foar [i] - [i:] de folgjende gefallen:


<i>Side</i> `side, kant'	-	<i>Siede</i> 'side' (stof)
<i>Sipe</i> `wetterlossing'	-	<i>Siepe</i> 'loopske houn'
<i>Mite</i> `myt'	-	<i>Miete</i> 'skûne'
<i>Line</i> 'line, tou'	-	<i>Liene</i> 'leuning'
<i>blikje</i> `blikke'	-	<i>bliekje</i> 'keffe'
<i>Rise</i> `riis, leat'	-	<i>Riese</i> 'reus'

As ik it goed bigrepen haw, dan is sa'n rigeltsje foar gâns fonologen genôch om to bisluten ta it bistean fan twa aparte fonemen. Dat is fansels in definysje dy't hâldfêst jowt, mar ik tocht dat wy fierder gean moasten en freegje oft it trochinoar heljen fan dy pearen de tael ûnforsteanber makket. Foar *Side/Siede* is dat wierskynlik net it gefal, om't dy wurden yn ús Frysk, en ek yn it Hollânsk, dochs gearfalle koene. Fierders is *Riese* (en faeks ek *Miete*) grif in frij jonge ûntliening, dat twa fan de neamde pearen sille foar it âldere Sealtersk wol weifalle. Lykwols is yn dat âldere Sealtersk wer in oar pear mûglik, ntl.

Spile `stokjes yn 'e bijekoer' - *Spiele* `spullen'

Mei de forsteanberens as kritearium is de oplossing yn dit gefal net dúdlik. Om to biwizen dat [i] en [i:] ien foneem binne, liket it my nedich ta om oan toanen dat de fan Fort neamde lûdwiksel ek by de wurden fan de minimale pearen foarkomt. De lûdbân sil hjir útwizing dwaen moatte. Om Siebs syn *EFS* as helpmiddel to brûken liket my nuodlik ta, om't de *Grundriß* hele oare risseltaten jowt. In frij oerflakkich trochsjen fan 'e *Grundriß* levere ntl. al by 16 fan de fan Fort oanhelle wurden in oare útslach op as yn 'e kolom TS (lykas Fort nim ik oan dat Siebs de koarte lûden bidoelt as er it hat oer `gestossenem Ton').

Tige nei mei it boppesteande hinget gear de frage: [o] of [U]. Lykas út it folgjende sketske bliken docht, binne dy lûden mar troch ien eigenskip ûnderskaet fan [u] resp. [u:]. De Sealter lûden binne skeanprinte, de Dútske romeinsk.



De [U] jowt ús in yndruk dy't wiksellet tusken /o/ en /u/, om't dat lûd falt yn ús wfr. foneemfekken /o/ en /u/. Om deselde reden sil de [o] op in Dútsker de yndruk meitsje fan /U/, om't er alle lûden dy't yn syn foneemfek /U/ falle as sadanich werkenne sil.

It lûd fan *Tûnne* en *Bûlle* makket op my praktysk nea in yndruk fan /u/, altyd fan /o/. Om it lykwols objektyf oan to toanen, soene de Sealter lûden fonetysk ûndersocht wurde kinne om dan de sprieding fan 'e formanten wer to jaen². [o] is dan to ûnderskieden, om't it per definysje deselde formantesprieding as it lange Sealter ienlûd [o:] hat³. It bistean fan in apart foneem /u/ soe in foldwaende forklearring foarmje foar it ûntbrekken fan in foneem /U/ yn it Sealtersk, d.w.s. foar it ûntbrekken fan [u]-farianten yn it lûd fan *Tûnne* etc.

Foar it fan Fort jowne byld fan in troch Heech- en Platdútske ynfloeden folslein foroare Sealter foneemsysteem soe ik yn it plak sette wolle in byld fan in wol tige biynfloede mar dochs yn wêzen noch bistead fjouwertrimesysteem. Yn it forfolch op myn artikel oer *De neffens Minssen koarte lûden yn it Sealtersk*⁴ kom ik op dat probleem werom.

Fort brûkt neffens syn noat 5 in stavering dy't de ûnderskieding fan alteast [u] en [u:] ûnmûglik makket, mei't er yn in sletten wurdlied *uu* brûkt en yn in iepen wurdlied *u*. Ut taelpolityk eachpunt is in staveringsforoaring altyd in nuodlike saek en yn dit gefal liket my sa'n foroaring hjir ek net nedich ta, hoe't de útslach fan in neijer fonologysk ûndersiik ek wêze mei. Boppedat forset de Dútske skriuwtadysje him helendal net tsjin it dûbel skriuwen fan lange lûden yn in iepen wurdlied (forl. nhd. *Seele, Staaten*).

Ik fortrou dat Fort foaral dit taelpolitike aspekt fan in staveringsforoaring swier weage litte sil by de Sealter spraakkunst dy't wy fan him forwachtsje meie en dy't fan greate bitsjutting wêze kin foar it ûnderwiis.

P. Kramer

1. *Us Wurk XVII*, 1968, s. 21-24.
2. Bg. as yn fig. 8 fan A. Cohen e.o., *Fonologie van het Nederlands en het Fries* ('s-Gravenhage 1961), s. 72.
3. Oars soe it troch mear as ien eigenskip fan [o:] forskille. In statistyske stúdzje fan de sprieding fan de formanten en de dûr fan de lûden soe hjir nammers ek gâns opsmite kinne, mei 't de grinsgebieten fan fonemen altyd wol hwat mijd wurde sille.
4. Yn: *Flecht op 'e koai, stúdzjes oanbean oan prof. dr. W.J. Buma ta syn sechstichste jierdei* (Grins 1971).